

De molksaak fan Alle de Vries en Joukje Bouma.

Us heit, Alle de Vries, kaam fan Tersoal en troude 13 maaie 1933 mei Joukje Bouma út Dearsum. Hij wie eins timmerfeint, mar se binne yn Grou wenjen gongen en namen dêr de molksaak oer fan A. Jellema. It wie in hele minne tiid hê, mar dan wiene je eigen baas. Dat hiene je froeger.

Se kamen te wenjen yn in hûs mei in winkeltsje, achter de tsjerke neist bakker Andringa oan de noardkant fan de pastoriy. Us mem ferkocht dêr alle molkprodukten, tsiis, aaien en bûter.

Us heit sutele troch heel Grou en de konkurrinsje wie grut. As we sneons nei de Noorderdwarsstrjitte gongen, dan koene der sa wol trije of fjouwer molkboeren yn 'e strjitte stean. Der wiene wol in stik of fiif yn Grou: Piet Eisenga, Wieger Sjoerdsma, Sjouke Schiere, Sietse v.d. Heide. Van der Heide wie molkboer yn tsjinst fan de fabryk. Dy hie in karre en de oaren hiene in bakfyts. Us bakfyts stie bij Age Jonker yn 'e skuorre. Dat wie wer 't no de Hema is. Nei de bakfyts kocht ús heit in karke op trije tsjillen mei in motor. In saneamde "Vliegende Hond". Dat jûch problemen want der hearde in rydbewiis bij en dat hie er net. Letter kaam de elektryske SRVwein.



Yn it begjin fan de oarloch wie ús heit noch bij de Lijempf út Easterlittens en moast er de molke moarns fan Jirnsum helje. Troch de oarlochssitewaasje brocht de Lijempf de molke dêr net mear en helle er it hjir bij de molkfabryk yn Grou. Ik wit noch in bytsje dat er dat sein hat, want ik wie doe 6 jier. Ik wit net oft er fûl besocht nije klanten te krijen. Us heit wie eins net in sakeman. Hij wie eins fiersten te goed foar dit wurk. Der wie wol ris wat mei klanten, wer 't hij eins heel maklik oer hinne gong.



Sa wie it ek mei de flessen. Dy flessen dat wiene earst mar in pear, mar doe kamen der hieltyd mear. Al dat staasjeild koe ús heit net allinne drage. Dat moast dus betelle wurde troch de klanten en dat waard dan letter wol wer ferrekkene. Mar oars siet it staasjeild altyd bij him en it wie fansels in minimum ynkommen wat se hienen. Dus op in gegeven moment waard der sein: "Staasjeild betelje fanôf no." Mar ús heit hie der muoite mei om it staasjeild bij alle klanten te berekkenjen. Sa stie ik in kear op it Master Wielsmaplein bij in klant en ik sei hoefolle se betelje moast en ik rekkene der noch twa flessen bij."Nee", sei se, "ik betelje de flessen net." "Ik bin wol earlik." "Nee", sei ik, "dat wie froeger." "Dat is feroare." "No moat elkenien betelje." Sij rôp doe ús

heit en dy sei: "Nee, sy hoecht net flessejild te beteljen." En sa wiene der noch mear fansels.

Ja, ik wit noch wol yn de oarloch, dan lei der winters faak snie en rôp ús mem: "Jelte do moast even mei de skeppe en tou nei heit ta." Dan moast ik mei it tou helpe de karre te lûken en mei de skeppe de snie foar de tsjillen wei skeppe. Ek de SRVwein mei syn lytse tsjillen koe min troch de snie komme en yn de Nij Djipstrjitte wer 't we letter, fanôf begjin sechstiger jierren, wennen, kaam de snieskower fan de gemeente net iens.

It wie tink yn 1952 doe binne de rûtes kommen. Sels siet ik doe yn militaire tsjinst bij de luchtmacht, mar op in marinebasis. Dan wie ik wol ris in pear wike frij omdat de basis ticht gong. Yn dy tiid ha ik en ek ús Klaas wol ris in wike foar ús heit sutele en koe hij foar it earst mei fakânsje.

Der wiene minder molktappers kommen en op in gegeven moment ha se sein: "We sjogge wat elkenien ferkeapet en dan ferdele we Grou yn rûtes sadat elk syn omset wat gelyk bliuwt." De minsken hiene neat te sizzen. As se molke fan Piet Eisenga woene en net fan ús, dan moasten se dêr hinne om it op te heljen. Piet kaam net mear bij har oan de doar. Wy sutelen de Lynbaan- en Nij Djipstrjitte, in stikje Oostergoostrijtte, it Master Wielsmaplein, Jogchum Nieuwenhûsstrjitte, de Aak, de Pluut, de Koffe, de Tsjalk en it Skûtsje.



We ferkochten froeger molke, sûpe en sûpenbrij út bussen en al rillegau kaam der ek flessemolke bij. De molke fan de karre moast earst sean wurde, want dat wie rauwe molke. Dy flessemolke wie dan pasteuriseard of steriliseard. Bûter en tsiis hie ús heit ek wol. As in klant ûnderweis tsiis ha woe dan moast dy it bestelle en dan brochten we it. Letter mei de SRVwein koe er sels folle mear meinimme. Doe 't Klaas en ik sels wurken, hie ús heit sneons help fan in grutte jonge út Grou, dy't ek bij ús iet.

De lêste pear jier hat Grietsje ús heit faak holpen. Doe wiene de supermerken al kommen en krigest in hele oare konkurrinsje, want dy ferkochten ek kofjemolke en fris.

Grietsje fertelt: "As ik yn it begjin holp, dan seine de minsken wol tsjin my: wie is der no wer stoarn?" Want skoanheit wie twadde boade bij de begraffenisferiening.

Dan sei Jelte moarns foardat er nei it wurk gong: "Mem

belle niis. Wolst hjoed even helpe te suteljen want der is wer ien stoarn." Dan moest skoanheit as boade yn aksje.

Faak koest gjin lykkiste yn 'e hûs krije en dan sloopte er wat, of moast der in raam út of sa. Letter makke er dat dan wer kreas yn oarder. En omdat ús heit timmerman west wie, koe hij faak sokke problemen oplosse. Ja, it gong ek om de bijfertsjinsten fansels. Hij gong ek wol bij de streek lâns as leed-om-sizzer, mar yn Grou barde dat net yn it hele doarp, mar allinne yn de buert fan dejinge dy't stoarn wie.

De lege flessen wie in probleem: it wie sa, ús heit ferkocht de flessen fris, mar Heine Postma fan de supermerk ferkocht dy ek en syn lege flessen krigen wij. Sa krigen we de wereld oan lege flessen dy 't bij de supermerk kocht wiene. Je hiene sels faaks foar trije kratten flessen ferkocht mar krigen foar seis kratten lege flessen werom. Heine Postma, eigner fan de supermerk, sei dan wol ris: "Moast ek hast wer lege kratten ha Alle?" De minsken leveren foar it gemak de lege flessen fan de supermerk bij ús yn.

Griet fertelt noch: "Ik kaam ris bij in doar en dy frou jûch mij trije lege kofjemolkefleskes en dêr siet it dopke noch op. Dat hie se der wer op dien en der stie de namme fan Heine Postma noch op. Ik rûn der sa mei nei de karre en ik tocht bij mysels g.v.d. ik bin ek net wiis. Dus ik rûn mei dy trije fleskes werom en ik sei: "Sjoch dizze ha je bij Heine Postma kocht, dan moat je se dêr ek mar wer ynleverje." "Ja", sei se doe, "do hast einliks ek wol gelyk."

Sa stie ik ek ris bij in klant bij de doar en dy sei: "25 gûne, kinst dat wisselje?" Ik sei: "Jawol." "Ik wissele dat en doe sei ik: "Dan krij ik no dy 25 gûne noch fan jo." "Nee dy hast al krigen." "Nee, noch net." "O, ik ha it noch yn de beurs sitten." Je moasten altyd goed oplette.



It koe ek foarkomme dat de klant bûter woe. Dan kamen je mei boerebûter en dan seine se: "Dat bedoel ik net." "Ik wol Bleu Band ha."

Om healwei sânien wie er moarns bij it fabryk en om acht oere hinne begong it suteljen. Om healwei ienen hinne wie er dan klear. Sneons duorre it langer. Dan waard it in oere of twa. Mar dan wie er noch net klear, want elke middei moast er bushimmelje. Dat die er earst op de bûterfabryk. Dêr hiene se waarm wetter. Letter, doe mocht dat op 'e fabryk net mear, moast er in eigen spiellokaal ha. Doe hat er it húske fan Sipke Postma yn de Wide Steech kocht. Dêr kaam it spiellokaal yn en dat waard ek it plak foar syn elektryske karre en de opslach.

Us heit hie net in toeter of in belle. Wij rûnen nei de doar en rôpen: “De Molkboer.” It koe gebeure dat de klanten seine: “O binne jimme der al.” “Ik moat de pannen noch skjinmeitsje.” Allinne yn de fakânsjes toetere er. We namen dan in stikje fan de rûte fan in oar oer en dan kamen de minsken sels bij de karre.

Grietsje seit: “It lêste jier ha ik alle dagen holpen en kaam ik ek bij in frou dy ‘t alle dagen twa molke krige en op sneon in fleske kofjemolke derbij. Mar sneons wiene we altyd wat letter en nei kofjettiid bij har en dan kaam se ús al in eintsje temjitte rinnen om de kofjemolke fêst op te heljen.” Ik sei doe: “Sille we de kofjemolke der tenei op freed bij dwaan, dan ha jo it op tiid.” No dat fûn se in goed idee. Der wie yn de Oostergoostrijtte ek in frou dy moast alle dagen fjouwer liter molke ha en yn har panne siet in richel dêr ‘t it deksel yn foel. En doe op in kear sei se tsjin mij: “Ja mar ik krij fan jo alle dagen te min.” Ik sei: “Jo krije wol fjouwer liter.” “Nee”, sei se, “Dan sit de molke oan de richel ta en no net.” Doe sei ik dat tsjin Jelties heit en dy sei: “Ja ik snap it wol.” “Ik lit dy panne altyd oan de richel ta fol rinne en mjit it net mear út.” “Wat in gedonder.” Doe sei ik: “Dan hiene je dat wol even tsjin mij sizze moatten.”



Molke kinne je goed útmjitte, mar dat moatte je ris mei sûpengroattenbrij prebearje. Brij wie altyd frij stiif en as je it healmingel ûnder de kraan holden, dan kaam der in kwak út en stie der ek in kop op mar it foel net allegearre maklik yn de panne.

We hiene oan de karre twa bakjes foar de maten. It iene wie foar de molkematen, dêr siet it mingel en it healmingel yn en it oare wie foar de brijmaat. Dat wie allinne in healmingel want sa waard de brij altyd ôfmetten.

Myn broer Klaas holp ek wol ris en doe wie er in kear yn de Wide Steech en rûn Ladenius der achter lâns, dy bleaun der even bij stean te sjen en sei: “Jonkje, jonkje do joust de maat ek net.” “Natuerlik”, sei Klaas, “Ik jou de maat wol!” “Nee”, sei Ladenius, “Dy hingest do wer yn ‘t bakje.” Doe kaam Klaas in pear wiken letter bij in frou, yn de Boogstjitte wenne dy, dy sei itselde tsjin him.” No”, sei Klaas, “Dat wit ik wol, dy hinget yn it bakje.” “Do mei dyn grutte bek”, sei se, “Hoechst hjir noait wer te kommen.” Sa rekken we dy klant kwyt.



Eartiids waard alles hast opskreaun. Der waard hast noait daliks betelle. Us heit wie ferrekte guodlik. Der stie dus heel wat yn syn boekje. Dêrom hat Grietsje it lêste healjier ek altyd mei west, want der stie safolle yn.

Grietsje fertelt: “Sa kaam ik freedts bij in frou en sei ik: wij hâlde oer in healjier op en no meitsje jo út hoefolle oft jo freedts ekstra betelje kinne. Dan binne we dan lyk. Sa is ‘t gongen.”

Yn de winkel krige ik ek wol ynstruksjes mei: “Dy en dy moatte fuort betelje, want dy stiet al yn it boek.” Mar der wiene gehaaiden bij. Doe kaam dy frou mei de beurs yn ‘e hân yn de winkel en sei: “Jelte, ik soe even betelje mar ik wol dit en dit noch mei ha.” Moai klear. Even optelle. Safolle wurdt it mei elkoar. Se die de beurs iepen: “No ha ik hast neat yn de beurs.” “Hoe kin dat no?” “No skriuw it der dan mar even bij.”

Yn 1969 binne we mei de molksaak opholden en waard Bote Groen ús heit syn opfolger.

Grou 28-07-2022

Jelte, Klaas en Grietsje de Vries.

